

# Emigrant om yn jins hert te sluten

**Plak:** De Koornbeurs, Frjentsjer.  
**Foarstelling:** De emigrant. **Tekst en regy:** Romke Toering. **Spilers:** Freark Smink en Theo Smedes.  
**Belangstelling:** 320 besikers.  
**Noch te sjen:** [www.de-emigrant.nl](http://www.de-emigrant.nl)

**FRJENTSJER** – In minskelibben lang ûnwennich. It wurdt yn de earste sin fan ‘De emigrant’ al útsprutsen, it bliuwt de hiele foarstelling hingjen. It is wat hast elke emigrant oerkomt, elkenien kin him der wat by foarstelle. Dat sil mei de reden wêze fan it sukses fan ‘It wrede paradys’ fan Hylke Speerstra en fan it kommende sukses fan ‘De emigrant’. Want dat it toanielstik ‘De emigrant’ folle sealen lûke sil, dat liket op foarhân wol wis.

‘De emigrant’ fertelt it ferhaal van Sybolt de Haas. As jonge fan tweintich is er emigrearre nei Kanada, as man fan twaënsantich giet er foar it earst werom nei de Greidhoeke. It rint út op in konfrontaasje dy’t lang net altyd like noflik is.

Dat men gjin boppenatuerlike jeften hoecht te hawwen om it sukses fan ‘De emigrant’ te foarsizzen, is yn it foarste plak te tankjen oan it oparbeidzjen fan de skriuwer Romke Toering en de akteur Freark Smink. Dat dy twa elkoar lizze, wie earder al te sjen yn de Tryaterfoarstelling ‘Baarderlân’.

Ek no is it de beide manlju wer slagge om – mei alle komyske oerdriuwingen – in minske fan fleis en bloed del te setten dy’t men yn jins hert slút. De skriuwer berikt dat troch it byldhoude - mei Ingelske wurden krûde - Frysk fan fyftich

jier lyn dat er Sybolt yn ‘e mûle leit; de toanielspiler troch de selskeazen rûgens fan Sybolt mei gefoel del te setten.

Oan alles is te fernimmen dat Toering him goed dokumintearre hat. Oer it generaal hat er dy kennis op in moaie, natuerlike manier yn it ferhaal ferwurke. Moai is ek hoe’t de problemen fan Turken yn Nederlân neist dy fan Friezen yn Kanada pleatst wurde, sûnder dat it ta polityk korrekt moralisme liedt. De Turkse LC-sjoernalist wurdt spile troch Theo Smedes. Hy docht dat - lykas alle oare rollen dy’t er yn ‘De emigrant’ spilet – op in suver tsjinstbere wize. Sa’t Romke Toering en Jan Arendz yn ‘Baarderlân’ Freark Smink alle romte joegen om te eksellearjen, sa docht Smedes dat no. It resultaat mei der wêze.  
SIETSE DE VRIES